

RJOCHTLINEN FOAR IT BEHEAR FAN TAALKUNDIGE GELIKENS BY KABIA GEARFETTING

MISSY

It strategyske plan fan 'e Provinsjale Ried foarsjocht deryn dat, útsein as dit yn it kontrakt is oanjûn, it gebrûk fan 'e Baskyske taal it leafst wurdt oanmoedige. Foar safier as KABIA in autonome entiteit is dy't falt ûnder de Ofdieling Sosjaal Belied fan 'e Provinsjale Ried van Gipuzkoa (Spanje), is it perspektyf fan taalkundige gelikens sûnt it begjin beklamme.

De missy fan KABIA is it leverjen fan soarch en omtinken oan âlderen dy't yn bejaardetehûzen en deisentra ferbliuwe. Dy soarch en dat omtinken sille net wurde achteneare op it heegste nivo te wêzen sûnder rekkenskip te jaan oan taalkundige gelikens.

Dêrom binne de wichtigste taalkundige doelstellingen en kritearia fan **KABIA**:

- De taaltsjinst sil altyd de tsjinst wêze dy't de brûker fan 'e twa offisjele talen ferkiezet, wêrby it gebrûk fan it Baskysk altyd wurdt oantrúne.
- It Baskysk sil altyd de wichtigste wurktaal wêze.

WICHTIGSTE KRITÉARIA

It belied is basearre op 'e folgjende wichtigste kritearia:



TAALKUNDIGE OPSJE FAN 'E BRÛKERS EN HARREN FAMILJE

- By de earste beoardieling fan 'e brûker wurdt rekkenskip jûn oan it taalkundige paad. De earste taal en de hjoeddeistige talen foar kommunikaasje wurde identifisearre, tegearre mei de talen dy't de famylje wol brûke, ferbaal lykas skreaun, en dy't ferskillend kinne wêze.
- As der in tredde net-offisjele taal is yn Gipuzkoa, dan wurdt hjir rekkenskip oan jûn.
- Dy informaasje sil foarhannen wêze foar alle personiëlsleden dy't dit nedich binne.



FERBALE RELAASJES

- ☛ By it begroetsjen fan 'e brûkers, sille de meiwurkers fan KABIA it earste, it twadde en it lêste wurd yn 'e Baskyske taal sizze, by fysyk treffen lykas oan 'e tillefoan, mitsdat kommunikaasje net belet of wurdt foarkommen, of as de brûker oanjouwt dat dizze foar kommunikaasje Spaansk wol brûke. Yn dat gefal sille de meiwurkers ienfaldich te befetsjen en/of útdrukte siswizen yn 'e beide talen ynterpretearje, wylst knoffelige situaasjes tefoaren wurde kommen.
- ☛ As de besyker in frjemdling is, en de relevante útlis is lang, dan wurdt dizze persoan frege yn hokker taal hy of sy wol kommunisearje.
- ☛ Alle meiwurkers dy't net twatalich binne, sille ek it earste en it lêste wurd yn it Baskysk sizze. Sy moatte dan in twatalige kollega om stipe freegje sadree't se yn 'e gaten krije dat de brûker yn it Baskysk wol petearje.



DOKUMINTEN

- ☛ De eksterne en ynterne dokuminten en alle skriftlike kommunikaasje wurde opsteld yn it Baskysk en wurde, wêr nedich, yn it Spaansk oerset (foar publikaasje, ensfh.).
- ☛ KABIA hat in list mei harren standert dokuminten, dy't oanjouwt yn hokker taal elk dokumint moat wurde opsteld.



BEDRIUWSIMAGO

- ☛ De namme fan it sintrum en de gemiente wurde werjûn op 'e wichtigste boarden en stimpels.
- ☛ De boarden sille yn it Baskysk wêze, as de stavering yn it Spaansk itselde is, tegearre mei in standerdiseare symboal, as dit ienfaldich te befetsjen is, of wannear de meiwurkers it wichtigste publyk foarmje.
- ☛ De oare boarden en posters (ynearsten lykas permanint) sille yn 'e beide talen wêze, en baseare op it model mei twa blokken. De lettersoarte 'Franklin Gothic Medium' wurdt brûkt yn it Baskysk en 'Franklin Gothic Book yn it Baskysk (Spaansk?).



IEPENBIERE EVENEMINTEN

- ☛ De iepenbiere eveneminten wurde hâlden yn it Baskysk of yn it Baskysk en it Spaansk.
- ☛ Oan it begjin fan it evenemint wurdt de dielnimmers oansein hoe it evenemint wurdt hâlden.
- ☛ Der wurde boarnen brûkt om te garandearjen dat alle dielnimmers it kinne befetsje, wylst 'symmetryske' oersettingen wurde foarkommen (net wurdelik).



PROMOOSJE

- ☛ Alle fideo's dy't makke wurde foar promoosjekampanjes sille yn it Baskysk wêze, mei ûndertiteling yn it Spaansk.
- ☛ As se makke binne foar publikaasje op it webstee, wurdt der in ferzje yn elke taal makke en de ûndertitelingen sille yn deselde taal wêze as de (film)muzyk.



SOSJALE MEDIA

- Alle ynformaasje wurdt ferspreid fia in inkele akkont op sosjale media, yn it Baskysk en it Spaansk, yn die folchoarder, mei in perioade tusken de twa berjochten.
- As útsûndering, as de berjochten tagelyk wurde útjûn, wurde se respektivelik yn it Spaansk en it Baskysk publisearre.
- Foar de nammen fan de sintra wurde hashtags brûkt.



WURKTAAL

- Wurkreلاسjes tusken de meiwurkers fan KABIA sille yn it Baskysk wêze.
- Gearkomsten foar it wurk wurde ek yn it Baskysk hâlden, lykas de trainingen foar de meiwurkers.



IT

- IT-boarnen wurde yn it Baskysk brûkt.



PERSONIELSBEHEAR

- De kandidaat kiest de taal wêryn it eksamen wurdt ôflein by it seleksjeproses en it oannimmen fan nije meiwurkers. Teminsten ien oefening yn it ynterne proses sil yn de Baskyske taal wêze foar de funksjes wêryn LP ('Linguistic Profile' - taalkundich profyl) 3 of 4 fereaske is.
- Nije meiwurkers moatte in earder sertifikaat hawwe fan har taalkundige nivo. It protokol foar de resepsje, de brosjure en ferbale útlis wurde yn it Baskysk jûn. Dizze útlis omfettet de 'Rjochtlinen foar it behear fan taalkundige gelikens' en de relevante, spesifike kritearia.
- Deselde kritearia binne fan tapassing op studinten op staaazjes.



TAALKUNDIGE OPSJE FAN MEIWERKERS

- * Der wurdt in sensus hâlden om de taalkundige opsjes fan de meiwurkers fan KABIA te registrearjen. By gefolch ûntfangt elke meiwurker de dokuminten oangeande it behear fan de meiwurkers (salaris, T-10-belêstingsertifikaat, ensfh.) in de taal dy is selektearre.
- * Sy kinne dizze opsje altyd feroarje.
- * Meiwurkers kinne de dokuminten oangeande it behear fan persoanlik likernôch yn it Baskysk of it Spaansk ynfolje.



LEVERANSIERS, PARTNERS EN AUTORITEITEN

- * KABIA fereasket dat har leveransiers, partners en de autoriteiten oan deselde kritearia foldogge. Der wurde dossiers byhâlden oer feardigens fan de minsken wêrmei wurdt gearwurke om de taal fêst te stellen dy't yn harren relaasje wurdt brûkt.
- * Yn it gefal fan de leveransiers, sille de taalkundige betingsten dy't yn de kontrakten wurde fêststeld, de status hawwe fan fûnemintele betingsten en KABIA sil it neilibjen kontrolearje fan de fêststelde taalkundige betingsten.

BESYKJE IT DOEL TE BERIKKEN

Yn elk gefal wurde spesjale maatregels en foarlopige útsûnderingen oerienkaam om te soargjen foar befetting troch alle meiwurkers fan KABIA. Dizze sille omfetsje:

- Twatalige meiwurkers wurde identifisearre.
- Meiwurkers mei in leech nivo fan befetsjen sille twatalige petearen oanmoedigje. Baskyske sprekkers sille nea ferplichte wurde ta it sprekken fan Spaansk.
- As it giet om in heul spesjalisearre funksje en/of as der immen is dy't net troch de dielnimmers kin wurde ferfongen, sil de gearkomst fan de meiwurkers almeast yn it Spaansk wurde hâlden. Teminsten in diel syl yn it Baskysk wurden hâlden.
- Der wurde maatregelen naam om te soargjen foar it befetsjen troch alle persoanen dy't ynformaasje krije, wêrûnder: berjochten foar it heule personiel wurde yn it Baskysk en it Spaansk skreaun; gearfettingen yn it Spaansk wurde útrike tegearre mei de troch te sprekken dokuminten by gearkomsten, en der wurdt in spesjale útlis jûn om te befetsjen wat yn it Spaansk yn de dokuminten steat, it heule dokumint oersetse yn it Spaansk, ensfh.
- Fan de trainingen yn it Baskysk kinne Spaanske ferzjes bestean. Dizze wurde allinich yn it Spaansk jûn as der ûnfoldwaande garânsje is dat de persoan de kursus suksesfol yn it Baskysk kin jaan.
- Alle meiwurkers dy't swierrichheden hawwe by it skriuwen yn it Baskysk, kinne frijstelling krije en kinne de Spaanske ferzje fan de IT-boarnen oanfreegje.
- De feardigens fan elk sintrum wurdt jierliks foltôge en bywurke, de behoeften oan training wurde identifisearre en it trainingsplan wurdt ûntworpen, basearre op 'e regeljouwing foar it oanbod fan 'e Provinsjale Ried en it IVAP (Baskysk Ynstitút fan Iepenbier Bestjoer). Der wurde stimulearringsmaatregelen organisearre om it learproses en de yntegraasje yn it personiel te fersnellen.

It paad om dit te berikken sil foar elk sintrum en foar elke persoan fan Kabia oars wêze, om't se net allegoare deselde basis hawwe. Yn elk gefal, elkenien dy't diel fan KABIA útmakket, is ferantwurdlik foar it garandearjen fan taalkundige gelikens en taalkundige rjochten. De entiteit hat in paad foar trainingen bepaald foar alle meiwurkers dy't strjibe nei taalkundich liederskip, wêroan rekkenskip wurdt jûn by it ynfoljen fan ferantwurdlike funksjes.

BEHEAR EN BEOARDIELING

De wichtigste ferantwurdlikens sil lizze by it kader fan KABIA. De ICT, Innovation and Organisation Division (Ofdieling ICT, Ynnovaasje en Organisaasje) hat de opdracht it plan te stimulearjen en de koördinaasjeteams fan de sintra sille plannen meitsje foar de relevante aksjes.

De kontrôle en beoardieling wurdt as ûndersteand útfierd:

- Per healjier, mei it mjitten fan 'e fuortgong.
- Iens yn 't jier, selsbeoardieling, bywurkje fan 'e kaart mei feardigens en kontrôle fan 'e leveransiers.
- Elke twa jier, enkête nei de tefredenens fan 'e brûkers.
- Elke fjouwer jier wurdt KABIA as gehiel beoardiele foar it Bikain-sertifikaat.
- Dizze rjochtlinen wurde elke twa jier bywurke en wurde sirkuleare ûnder alle meiwurkers en de leveransiers fan tsjinsten fan KABIA.

De kontrôle sil iepenbier wêze en wurdt publisearre op it webstee fan KABIA.